FERIENING FRYSK UNDERWIIS

Skriuwerskip:
Drs. S.T. Hiemstra
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

Itens/Drachten, 19-09-2005

Underwerp: *lykweardigens yn kearndoelen foar de Fryske taal en kultuer*

Achte leden fan de kommisje *Boarger en Mienskip*, achte leden fan *Provinsjale Steaten*,

It liket ús fan belang om jimme kommisje, *Boarger en Mienskip*, foar de gearkomste fan woansdei noch ris te wizen op it ûnbidich grutte belang fan it *hanthavenjen* fan foar ús taal en kultuer wêzentlike prinsipen fan *lykweardigens* en *lykberjochting* as it giet om de formulearring fan de *kearndoelen*. Soks is wer ûnderdiel fan de algemiene fraach oft der yn mear maatskiplike domeinen al of net lykweardigens en lykberjochtiging wêze sil foar de Fryske taal en kultuer, dus yn it hiele Fryske maatskiplik libben. En dat is wer beskiedend foar de takomst fan it Frysk. Sûnder earnst te meitsjen mei it folweardich omsetten fan *dy prinsipen* yn belied, sil it Frysk gjin takomst mear hawwe.

Nei twa ieuwen fan taalûnderdrukking en kulturele genoside is der noch in kâns de taal in goede takomst te jaan en te besykjen om ûngedien te meitsjen wat yn it ferline allegearre fernield en kromwoeksen is.

Wy tinke dat wy mei *lykweardigens* yn *formulearring* en *lykberjochtiging* yn de *hanthavening* dêrfan net tefolle freegje. Wy freegje gjin monopoalje foar it Frysk. In monopoalje dat it Hollânsk ieuwenlang wol altiten hân hat. Mar wy wolle ek gjin minderweardigens en ûnlykweardigens. In hiele *reële* winsk dus. Dat prinsipe is mei fan *Geunst nei Rjocht* yn 1985 troch de Steaten ûnderskreaun. Dat moat wiermakke wurde yn de amtnerij, de rjochtspraak, de soarch en net op it lêste plak yn it ûnderwiis. Benammen yn it algemien foarmjend basis- en fuortset ûnderwiis. Om dy reden moatte de kearndoelen foar it Nederlânsk en Frysk yn it ûnderwiis op frijwol likense wize omskreaun wurde (spegeling). Dêr kinne en meie gjin konsesjes oan dien wurde. Foardat wy it witte, sitte wy op in *heljend flak* op wei nei de ôfgrûn fan ûnlykweardigens. En dat achtsje wy èn moreel èn prinsipieel in tige nuodlike en ûnferantwurdlike wei. It sil elts fan jimme wol dúdlik wêze dat it foar it Frysk sa njonkelytsen in saak is fan *to be not to be*. Missetten en misslaggen kinne wy ús net langer permittearje. Dêrfan wolle wy jimme op dit plak nochris oertsjûgje.

Binne lykweardich formulearre kearndoelen *yrreëel*, *net realistysk* sa't guon om ús hinne altiten mar wer beweare? Nee, dat is nèt yrreëel. De goede praktiken yn bûten- en binnenlân bewize dat. En de wittenskip ûnderstreket soks. It kìn as wy it wòlle, yn alle mooglike ûnderwiissituaasjes. It is in saak fan *kennis* en *kunde*, mar benammen fan *karakter*. En op dy lêste *k*, dy fan *k*arakter, ek wol *moed* neamd, komt it ek yn ús eigen steaten oan. Binne jimme by steat en hâld de kop derfoar? Wy hoopje it.

In hiele oare fraach is dy fan de *wei*, it *paad* nei dy lykweardich formulearre, spegele kearndoelen. Wy kinne net fan 'e flier op 'e souder stappe, mar wy moatte de souder wol berikke. By de trep omheech kin it stapke foar stapke gean. *Pragmatysk* dus. Mar wy moatte *doel* en *middels* wol hiel goed útinoar hâlde. Oars komt it op 'e kop ferkeard. En eltse stap foarút sil goed kontrolearre wurde moatte.

Alle skoallen yn Nederlân en alle bern op dy skoallen, allochtoan of autochtoan, Hollânsktalich of oarstalich, moatte de kearndoelen foar Nederlânsk neistribje, *sûnde*r differinsjaasje yn kearndoelformulearring. Wy begripe net wêrom't dat foar it Frysk, as iennichst fak yn Nederlân, oars en minder ambisjeus wêze moatte soe. Wêrom sa'n frjemde útsûndering? Differinsjaasje yn *kearn*doelformulearring is wat ús oanbelanget itselde as diskriminaasje.

Dêrtroch wurdt yn it ûnderwiisfjild en by de media hieltiten mar wer in ferkeard byld oproppen. Sjoch bygelyks Pieter de Groot yn syn '*Dwers*' yn de *Ljouwerter Krante* fan ferline wike freed: '*Der sil*

differinsjaasje komme, wat sizze wol dat net alle skoallen op itselde nivo Frysk hoege te jaan. In skoalle op in poerfrysk greidedoarp moat in swierder lesprogram krije as in skoalle yn Ljouwert.' Nee, sa'n ynterpretaasje kin net en mei net. Oeral yn Fryslân sitte, yn grutter of lytser tal, ek *poerfryske* bern, net allinnich yn de doarpen. Ek poerfryske stedsbern hawwe der rjocht op dat sy in like swier en folweardich lesprogram krije as de poerfryske bern op de doarpen. Dat is in taalkulturele en pedagogysk-didaktyske eask fan it alderheechste belang. It is it ûnderwiiskundich begjinsel fan de needsaaklikheid fan in yndividuele *trochgeande, kontinue* ûntwikkelingsline by learlingen, dy't ek wetlik ferankere leit.

Dêrom hawwe fan hûs-út Frysktalige bern, mar ek net-Frysktaligen, mei goede ûntwikkelingsmooglikheden, wêr dan ek yn Fryslân, lykas by oare fakken, der sûnder mear rjocht op dat sy ûnderwiis krije rjochte op dy *trochgeande* ûntwikkeling, rjochte op har sône fan de *neistlizzende* of *takomstige* ûntjouwing. Dy sône wurdt oproppen troch easken oan har te stellen dy't fierder geane as dy fan har ûntwikkeling fan dat momint, dus fierder as de sône fan har *aktuele* ûntwikkeling. Dan is differinsjaasje yn *oanpak*, yn de *middels* fan belang. Likegoed as *middel*differinsjaasje fan belang is foar allochtoanen dy't noch goed Hollânsk leare moatte. Mar dat is alhiel gjin reden om dêrmei de formulearring fan de *kearn*doelen sels oan te taasten! Dat wurdt foar it Hollânsk net dien, dat heart foar it Frysk likemin dien te wurden. Soks soe in saak fan prinsipe wêze moatte..

Kin dan in *lesprogramma* fan in stedsskoalle *minder swier* wêze, lykas De Groot tinkt? Nee, de skoallen yn de stêden sille likegoed oanslute moatte by alle ûntwikkelingsnivo's fan har bern. By de reseptive en produktive kennis en feardichheden fan dy learlingen. Dus ek by harren kompetinsjes yn it Frysk en dy binne toetsber. En se sille op dat nivo (of dy faze) *foarút* rinne moatte, krekt om de *neistlizzende* faze(n) op te roppen; om de folgjende taalstap(pen) dwaan te kinnen. Ek by de Frysktaligen fan-hûs-út mei tige goede ûntwikkelingsmooglikheden. Krekt om dy ûntwikkeling te realisearjen (ferl. de kultuerteory fan it *ûntwikkeljend* ûnderwiis). Sokke learlingen sitte likegoed yn de stêden. Sels al binne it soms mar in pear (bgl. de op de *Máximaskoalle*). Bern mei in geunstige begjinsituaasje moatte fansels sa gau mooglik Frysk *skriuwen* en *geef Frysk praten* leare, lykas de wat fluggere en snoadere Hollânsktaligen of de twataligen, en net hingjen bliuwe yn doelen rjochte op it ferstean en lêzen fan it Frysk.

It stellen fan *kollektive* lege doelen (bgl. *ferstean* en *lêzen*) foar de hiele skoalle en foar alle bern - en dat is it byld dat hieltiten mar wer oproppen wurdt - is it tsjinstelde fan *ûntwikkeljend* ûnderwiis. Sterker noch, soks is hielendal gjin ûnderwiis, mar kultuerpedagogyske ferwaarleazging fan it boppeste buordsje. It bêste model om dat tefoaren te kommen is de twa- of trijetalige skoalle. Dat wol sizze: earnst meitsje mei kêst 8 fan it hânfest, dus mei it 'aanzienlijk deel' fan it learplan dat it Frysk as ynstruksjetaal brûkt wurde moat. Dat moat dus sa gau mooglik wetlike ferankere wurde.

Om koart te gean, lit ús dochs *middel* en *doel* net hieltiten trochinoar helje. Dat misferstân en misbegryp, ek yn it ûnderwiisfjild, moat út 'e wrâld. Dat learlingen net alle ein- of kearndoelen folslein berikke, is normaal, mar dat hâldt net yn dat se dêrom net *neistribbe* wurde hoege. Dêr sil krekt op kontrolearre wurde moatte, bygelyks troch de ynspeksje. Der moat perfoarst net it idee ûntstean dat differinsjaasje yn *tusken*doelen en differinsjaasje yn *middels* in frijbrief is om it mei de *ein*- of *kearn*doelen dan mar op in sêft sin te setten.

En lit ús de begripen *realisme* en *pragmatisme* op in goede wize yn de diskusje hantearje: *pragmatyske* en *realistysk* wat de *ûntwikkelingsstappen* (de wei, de oanpak) fan it bern oanbelanget, mar *idealistysk* en *ambisjeus* op it stik fan de nei te stribjen *kearn*doelen troch de skoalle. It Haachske bewâld docht it foar de kearndoelen Nederlânsk net oars (ferl. ek Tom Dykstra, *Nuodlik Frysk ûnderwiisbelied*, yn: *Swingel*, nû. 12, 2005, s. 3-6).

Jitris, de *kearn*doelen foar de Fryske taal en kultuer moatte de toets fan de lykweardigens en lykberjochtiging trochstean kinne. As wy dat begjinsel slûpe litte of dêr wat mei sloaie, dan sjitte wy ússels yn ´e foet en is de ein yn sicht. Hege ambysjes kin it net sûnder.

Wy dogge in klammend berop op jimme, as Steatekommisje en as Provinsjale Steaten, om yn De Haach noch te rêden wat der te rêden falt, nei de falske start dy’t Deputearre Steaten fan ’t maitiid makke hawwe troch har del te lizzen by kearndoelen dy’t net oan de eigen provinsjale útgongspunten foldogge. Wy hoopje dat jimme jim bewust binne fan jim histoaryske opdracht en fan jimme earstferantwurdlikens. Wy tidigje derop!

Mei rju achtinge,

drs. T. Dykstra (foars.) en drs. S.T. Hiemstra (skr.)